

Nijsbrieven

**Mienskiplike NIJSBRIEF 2005, desimber 2005,
nûmer 20**

fan
IT FRYSK BOUN OM UTENS -- 1923
&
SELSKIP FOAR FRYSKE TÆL EN SKRIFTKENNISSE -- 1844

Samler foar It Boun: Hâns Weijer, Bovensmilde
Samler foar It Selskip: Kees Kuipers, Ljouwert
Einredaksje: Lykele Aardema, e-mail: l.aardema@planet.nl, till. 0317 42 42 18

Deistich bestjoer fan It Frysk Boun om Utens:

Foarsitter:	De hear H. Dijk, Zonneweide 10, 2411 LJ BODEGRAVEN, tel. 0172-613143, e-mail: hanspdijk@hetnet.nl ;
Skriuwer:	Skriuwer: De hear H.J. Weijer, Witterweg 29, 9421 PE BOVENSMILDE, tel. 0592-412165, e-mail: h.jweijer@freeler.nl ;
Ponghâlder:	Ponghâlder: De hear S.D.A. Bakker, Koelmansstraat 10, 7722 LX DALFSEN, tel. 0529-401683, e-mail sbakker@ncrvnet.nl ;

Deistich bestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse:

Foarsitter:	De hear Sj. Kramer, Snellingerdyk 126, 8431 ES EASTERWALDE, tel.0516-514451, e-mail: skramer3@freeler.nl ;
Skriuwer:	De hear K. Kuipers, Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL LJOUWERT, tel. 058-2125383, e-mail: kornelis.kuipers@12move.nl ;
Skathâlder:	De hear A.W. Wijbenga, Lytsegeast 23, 9255 LH TYTSJERK, tel. 0511-431207

OPROP:

De koarte kursus skriuwen (stavering) yn Hurderwyk kin troch in feroare didaktyk takomme winterskoft naadleas oergean yn de leargong A. Leafhawwers kinne trochjûn wurde oan frou Kingma, ponghâldster fan de krite Hurderwyk of by de lesjower, Hâns Weijer.

Op side 19 en 20 fine jo de korrigearre adressen en de adressen van skriuwers en skriuwsters fan de Bounskriten !!!!

Fan de Bouns foarsitter.

Yn ús karbrief lêze wy dat It Boun û.o. as doelstelling hat in bân te lizzen tusken de Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn uterings, benammen yn de taal, te bewarjen en te befoarderjen.

No wol ik nei foaren bringen dat ik ferline wike wer ris in reuny meimakke ha fan ús eksamenklasse fan it lyseum dêr't ik ûnderwiis folge ha. Sa'n reuny hawwe wy de leste jierren alle jierren wer en ik moat sizze it docht in mins goed om wer ris in praatsje te meitsjen mei dyjingen dêr't je sa'n fiif- en

Nijsbrieven

fjirtich jier lyn mei yn de klasse sieten. It programma is alle kearen sa'n bytsje itselde. In pear organisearje in ekskurzje en jûns brûke we in waarm miel yn de Posthoarn yn Dokkum.

Diskear stie de terpebou yn Fryslân op it programma. Sa hawwe wy de terp fan Hegebeintum besocht en it tsjerkje dat der boppe-op stiet besjoen. Wy krigen in rûnlieding en in hiel ferhaal oer de eftergrûn en je moatte dan stees wer konstatearje wat in bjusterbaarlike histoarje it Fryske lân hat.

As bern hawwe jo der wol fan heard mar dan beseffe jo dat sa noch net. Mar no, nei al dy jierren bûten Fryslân, leit dat hiel oars. It kin wêze dat it histoarysk besef dan better trochkomt. It kin wêze dat de leeftyd ynfloed hat, it bliuwt lykwols hiel apart.

Wat hawwe der yn de rin fan ieuwen dochs in protte minsken yn dy ierde omgriemd. De terpen binnen boud om dêr op te wenjen. De minsken woenen de fuotten droech hâlde. Der binne hûzen op boud; der binnen tsjerken op boud. En tûzend jier letter waarden de terpen wer ôfgroeven.

Dy grûn wie tige fruchtber en dat smiet jild op. En it begjin fan dat ôfgraven fan dy terpen is no ek al wer jierren lyn. Men kin it jin hast net foarstelle. Dat is no de skiednis fan Fryslân, de skiednis fan ús foarâlden. Je wurde der stil fan.

Wat is der yn 'e rin fan de jierren in protte wurk ferset. En net mei in grutte masine. Nee, mei de hân en in bats! Hawar, it is de muoite wurdich om de Fryske skiednis heech te hâlden en der stees wer op 'e nij wurk fan te meitsjen en te fertellen wat der allegearre bard is.

We moatte de taal, de kultuer en al dy typyske Fryske saken konkreet meitsje troch der oer te praten en troch der oer te skriuwen. Op de kritejûnen moatte dat soarte fan dingen op de wurklist komme. De skiednis fan de terpen is fansels mar in lyts stikje fan dy ferneamde Fryske histoarje.

'Lit ús tinke oan âlde tiden, ieuwen fol fan lêst en noed'. Dat sjonge we. Prima.

Litte we der stees wer oandacht oan jaan. It stiet yn it karbrief. It is in doelstelling fan It Boun. It is in opjefte foar ús krite. Wy moatte it ferline libben hâlde. De Nijsbrief kin der in bydrage ta leverje.

Oant sjen op de kritejûnen,
Hans Dijk.

Fan de Bounsskriuwer

- Om de berikberens fan de bestjoersleden fan de krite te fergrutsjen is it gaadlik en set de e-mailsadressen derby.
- Foar my as Bounsskriuwer is it ek gaadlik. It Boun kin dan in moai bestân opbouwe en sa in grut tal bestjoersleden streekrocht berikke.
- Ideeën foar kritejûnen kinne jo ek fine yn de kriteboekjes fan de oare krite. Meitsje dêr gebrûk fan! Jo kinne dan boppedat daliks neifreegje hoe't it harren foldien hat.
- By it ferstjoeren fan de boekjes nei de oare krite graach rekken hâlde mei de adresferoarings en jou it ek troch oan dyjingen, dy't de boekjes feitlik ferstjoere.
- sjoch dêr nei de `spyllist STAF` foar jimme programplanning
- sjoch regelmjittich op ús webside www.fryskbutenfryslan.nl

Nijsbrieven

Feroaring fan einredakteur.

Jierren lang hat Tet Smit-van de Akker de Ynformaasjemap en de Nijsbrieven gearstald. It is tige sekuer wurk en it freget ek politike jeften om de kopij op tiid binnen te krijen. Tet hat dat altiten mei nocht en faasje dien. Hja hat it har opfolger ek noch wat makliker makke troch de Ynformaasjemap 2005 foar it grutste part te fersoargjen. Wy tankje har tige foar har ynset en warberens.

Har opfolger, Lykele Aardema út Wageningen, hat it dit jier tige drok mei de Fryske hynders. Hy hat him ferliede litten om bestjoerslid te wurden fan it Frysk Hynder Stamboek. Dat stik kultuer fan Fryslân hat it de lêste jierren swier hân. Der wie in protte reboelje yn de feriening. It is no lokkich wat rêstiger. It is syn doel en wurk om de feriening in nije struktuer en om de goede relaasjes mei bûtenlânske Fryske hyndersstamboeken en har leden in formele basis, te jaan.

Lykele is foarsitter fan de krite Wageningen. Hy hat ek noch in klus yn de suvel, yn de lânboumasine-hannel en yn it ôfstimmen fan ûnderwiis tusken bedriuwslibben en skoallen.

Hy is hikke yn 1940 yn de Wylgen en tein op de Feanhoop. Hy woe earst boer wurde, mar dat like him dochs net sa noflik ta, studearre yn Wageningen en hat dernei troch hiel Nederlân swalke om yndustriële agraryske ûndernimmings te lieden.

Datums gearkomsten Boun

- Algemiene Ledefergadering 25 novimber 2006 yn Lelystêd
- Toanieldei 30 septimber 2006
- Kaderwykein 13 en 14 oktober 2006
- Algemiene Ledefergadering april 2007 yn Hilversum

Selskip 1844

- Algemiene Gearkomste op tongersdei 6 april 2006 yn Ljouwert (jûns).

Bouns toanieldei

Krekt as ferline jier hat it Frysk Boun om Utens syn toanieldei hân op sneon 1 oktober 2005. Us dosint wie wer Jan Sjoerd Veenstra, en it plak Bartholomeus Gasthuis yn Utert.

Dielnimmers:

Amersfoart:	Geeske Inia, Harm Smilda, Annie Tiekstra, Sjoerd de Wit.
Boadegraven:	Hans Dijk, Nynke de Jong, Richtje de Jong, Klaasje van der Meer, Pietie Westdijk.
Haarlim:	Ale Buma, Rennie Visser.
Utert:	Durk Dijkstra, Boatsje Fopma, Harke Hofman, Mara Klein, Akke Kools, Hendrik Visbeek, Betty Yntema.
Organisaasje:	Sije van der Meer en Rennie Visser.

Healwei tsienen komme de earste dielnimmers oan yn it Barth. Gasthuis, dêr't de kofje al klear stiet. Neist de trouwe toanieldei-gongers binne der ek in oantal nije kursisten te begroetsjen.

Omdat wy allegearre niget hawwe oan deselde hobby, is it in homogene ploech.

Efkes nei tsienen hyt Rennie, út namme fan it Boun, ús allegearre wolkom. Sy is tige bliid, dat Pietie wer sa gastfrij is om de seal beskikber te stellen en it middeisiten wer te fersoargjen. Troch de finansjele bydrage fan it Boun, kostet dizze dei de dielnimmers €5,= p.p.

Nijsbrieven

Dan is it tiid om ûnder lieding fan Jan Sjoerd ús kennis fan it toanielspyljen út te wreidzjen. It tema foar dizze dei is elemintêr toaniel. En dêryn mei namme, de feardigens om in tekst ta libben te bringen.

Yn'e warming-up skodzje en rinne wy ús lekker los. De oefeningen steane mei yn it teken fan it bewust wêzen fan elkoar op it toaniel. Wat dogge je, as je mei in heap minsken op it toaniel steane. Wy moatte troch elkoar hinne rinne, sûnder elkoar te reitsjen, doelbewust rinne en keare, trochrinne oant je sa ticht by elkoar steane, dat je net fierder kinne ensafierder.

By toanielspyljen binne de 5 W's tige belangryk:

Wa	Wa bin ik?
Wat	Wat is der oan de hân?
Wêr	Wêr spilet it him ôf?
Wannear	Wannear spilet it him ôf?
Werom	Werom doch ik (as rolfiguur) dit of dat?

In tekst bestiet út in boppetekst en in ûndertekst. De boppetekst is dat wat sein wurdt. De ûndertekst is dat wat de persoan eigentlik sizze wol mei syn útsprutsen boppetekst. Minsken sizze net altyd wat se bedoele. It is de keunst sa te spyljen, dat it publyk itselde út de tekst hellet as wat de spiler bedoelt. Dit wurdt troch ús omraak oefene.

Dan komt de lichemstaal oan de oarder. Lichemsbewegingen moatte it spul ûndersteune. Dêrom moatte je gebrûk meitsje fan subtile feroaringen, en net drokke bewegings meitsje mei holle, hannen of fuotten. Publyk is altyd focust op holle, boarst en earmen. Dêrom moatte je se brûke om wat bewust út te drukken.

Spilers freegje harren faak ôf wêr't se mei de hannen hinne moatte. Brûk se dan net ûnbewust, mar "amputearje" se yn gedachten, en hâld se njonken it lichem. Je moatte spylje mei de eagen, de earen, en it sykheljen. Ek de fuotten kinne bygelyks kalmte of spanning útdrukke. Yn groepkes fan twa dogge wy ús bêst alles wat wy leare yn praktyk te bringen.

Nei it breamiel (wat wer hiel goed fersoarge is) leare wy te ynkassearjen. Goed lústerje nei de oar is hiel belangryk, dus net tinke: wat moat ik ek alwer sizze? Dus nim de tiid en de rêst om te lústerjen. Hoe oannimliker de tsjinspiler is hoe "echter" je dêr as spiler op reagearje kinne. Lit de emoasje fan de tsjinspiler by je 'ynkomme' en reagearje dêr wer op mei je eigen gefoelens. Nim de tiid foar stil spul!

Yn groepkes fan twa krije wy ferskillende scènes, dy't wy mei alles wat wy hjoed leard hawwe, útwurkje moatte en dêrnei spylje. Dan blykt, dat wy op dizze toanieldei hiel wat byleard hawwe. Oan de ein fan de dei is eltsenien it dêrmei iens.

Jan Sjoerd en Pietie wurde nochris tige betanke troch Rennie en wy sjogge no alwer út nei de toanieldei yn 2006, dy't op deselde lokaasje, op sneon 30 septimber hâlden wurde sil.

Klaasje van der Meer.

STAF (Stichting Amateurtoniel Fryslân)

Om te witten:

De spyllist fan STAF – toaniel yn Fryslân - stiet op ús webside!! De slútjûnen binne op 21 en 22 april 2006. Webside: www.staf-fryslan.nl.

.
. .
.

Nijsbrieven

Bouns webside

De webside fan it Boun is iepen en is te finen ûnder it neifolgjende adres: www.fryskbutenfryslan.nl
De redaksje besteande út Jan Bijkerk en Hâns Weijer (as Bounsskriuwer de einferantwurdlike) ha in bulte wurk der oan han, mar ús webside kin besjen lije. Hy is kleurich, mar net skreauwerich en hy is praktysk ynrjochte. Wy moatte de beide manlju tige tankber wêze dat hja sa folle tiid oan dit krewei spandearre ha en noch hieltiten spandearje. Ommers in webside moat byhâlden wurde en dat freget in protte tiid en geduld.

Klik alle links (dêr't it hantsje ferskynt mar ris oan en krûp de webside ris hielendal troch. Dan witte jo wat der op stiet en wat jou omtinken hawwe moat.

- Sjoch regelmjittich op de side, benammen as jo de adressen fan nedich binne. Hast alle wiken feroaret der wol wat.
- Jou yn jimme kritenijs of op oare wize oan de leden troch dat de webside der is; meitsje oaren der ek attint op.
- Reaksjes kinne fia it Gasteboek jûn wurde, mar ek fia it mailadres op de hiemside (de homepage) nei de skriuwer.
- Binne der problemen of fragen, nim dan kontakt op mei de Bounsskriuwer.

Op de webside fine jo ek ynformaasje oangeande:

- It Selskip foar Fryske tael en Skriftekennisse;
- IFAT (It Frysk Amateur Toaniel);
- De Toanielspyllyst yn Fryslân fan STAF.

De krite bepale sels hokker ynformaasje en hoe't dy op harren side te stean komt. As it mar yn Word oanlevere wurdt. Nei ferrin fan tiid wolle wy besykje ien en oar sa te regeljen, dat de krite dy ynformaasje – mei gebrûk fan in tagongskoade - sels bywurkje kinne. Lykwols safier is it noch net.

Earst mar ris sjen oft it sa fan de grûn komt en de hichte hâldt. (HJW)

Skiednis fan de Friezen om Utens

Sa't jimme witte, is it Bounsbestjoer fan doel en lis de skiednis fan de Friezen om Utens, foar safier't dy yn kriteferbân of ferlykbere bannen plak fynt of plak fûn hat, op skrift fêst. Dêrmei wurdt út soarte ek de skiednis fan It Frysk Boun om Utens fêstlein.

En dan giet it net allinne om dy ferbannen yn Nederlân, mar ek yn oare lannen.

Dr. Lammert Jansma hat al tasein, dat er ree is om lieding te jaan oan it ûndersyk nei dy skiednis en as haadredakteur te fungearjen. Dêr binne wy botte wiis mei. Om sa'n ûndersyk wat op gong te helpen hat er frege om no al yn de krite te begjinnen mei it sammeljen fan materiaal, wat it ek mar is, dat dêrfoar fan belang wêze kin.

En boppedat graach nammen, adressen, telefoannûmers, e-mailsadressen fan leden dy't noch ynlochtjings jaan kinne oer eardere krite of oare saken dy't fan belang wêze kinne om optekene te wurden.

Om ien en oar wat struktuer te jaan en in oansprekpunt yn de krite te hawwen, wolle wy graach alle krite in kontaktpersoan oanwize, dy't him dêr de kommende tiid mei dwaande hâlde wol en kin.. Dat kin in bestjoerslid wêze, mar dat hoecht net. As in bestjoer ien wit, dy't dêr hiel gaadlik foar wêze kin, freegje dy dan

Fierder as in kritebestjoer guon ken, dy't út soarte ynteressearre binne yn skiednis en it beskriuwen dêrfan, belûk dy derby en jou nammen en sa oan ús troch, sa mooglik fansels fia de kontaktpersoan. Skromje net en kom mei wiidweidige gegevens. Doch allegearre mei en it resultaat sil der nei wêze.

Nijsbrieven

Wa soe hjir net oan meiwurkje wolle?

FRAACH: Koartsein wolle alle kriterien in kontaktpersoan oanwize en dy al fest op jaan by Hans Weijer. Itselde jildt foar de 'skiednis-manlju en/of froulju', dy't meihelpe wolle. (HJW)

Bearend Joukes Fridsma ferstoarn

Begjin novimber is dizze stânfries fan Skearnegoutemer komôf yn de âldens fan goed 100 jier ferstoarn. Fridsma syn heit wie turfskipper en is mei de hiele húshâlding yn 1911 nei Amearika tein. Prof. Fridsma dosearre Dútsk oan it Calvin College yn Grands Rapids en joech Frysk oan Amerikaanske Friezen. Hy hold in sterke bân mei Fryslân en rjochte mei Lolle Piers de Boer 'It Frisian Information Bureau' op. Fierder joech er it blêd 'Frisian News Items' út. Hy wie ek de driuwende krêft efter de eardere Fryske Selskippen yn Amearika.

Yn 1991 hat útjouwerij De Tille yn Ljouwert de mânske en tige nijsgjirrige autobiografy fan Fridsma útjûn. De titel 'Nea ferbrutsen bân' en de ûndertitel '60 jier Fryske Aksje yn Amearika' seit eins alles oer de ferhâlding Fryslân-Fridsma.

Op 15 jannewaris fan dit jier haw ik noch mei Fridsma skille en him lokwinske mei syn 100ste jierdei. Spitigernôch de earste en tagelyk de lêste kear dat ik mei him praat ha. (HJW)

Tsjerkeboek

De Yntertsjerklike Kommissje foar de Fryske Earetsjinst (YKFE) hat in nij Tsjinstboek – in oanset útjûn. It is ûnmisber foar tsjerkerieden en dûmny's foar tsjerketsjinsten, mar ek gaadlik foar húslike en persoanlike doelen.

Yn 2004/5 hawwe al hiel wat tsjerkerieden en har foargongers sinten beskikber stelt, mar foar in lyts taalgebiet bliuwt it in poepetoer om de sifers swart te krijen. As jo it ha wolle kinne jo it bestelle troch € 25,00 oer te meitsjen op namme fan YKFE 3622 36 259 ûnder fermelding fan: Jefte Tsjinstboek. De hear W. Rozendal yn Damwâld is de finansjele man.

Regio doc

De Nederlânske regionale omroppen ha de ôfrûne jierren prachtige dokumintêres makke, dy't oer it generaal allinnich mar yn de eigen regio te sjen wienen. Yn de nije programmasearje RegioDoc stjoere de mienskiplike regionale omroppen de kommende 13 wiken in seleksje út fan dy dokumintêres.

De dokumintêres litte Nederlân yn al syn ferskaat sjen fan in projekt mei 1000 blaasmuzikanten yn Limburg (L1) oant in Kanadeeske bluessjonger dy't siket nei syn Fryske 'roots' (Omrop Fryslân). Oare ûnderwerpen binne de teloargong fan tradysjes yn in Sieusk doarp, it lânbougebiet yn Oerisel dat him te wear stelt tsjin de útwreidzjende stêd en in Haachske famylje fan merkkeaplju dy't leart om te gean mei de multykulturele befolking yn har wyk. De sjogger kin ek meilibje mei in Armeensk bokser dy't yn Nederlân syn karriêre fuortsette wol, mar nimmen fynt dy't de striid mei him oandoart (Omrop Fryslân). En it ferhaal fan de lêste oarlochsdagen op Skiermûntseach is ien fan de meast ferrassende en absurde út de Twadde Wrâldoarloch.

De regionale dokumintêres ûnderskiede him troch har oandacht foar de minsklike ferhâldings. Se litte de minsken yn 'e kunde komme mei mienskippen yn it libben dy't men faak allinnich fan in ôfstân ken.

Nijsbrieven

De programma's binne faak ta stân kommen mei stipe fan it Nederlânske Stimuleringsfonds, en litte it belang sjen fan dit fûns foar de regionale dokumintêres.

Mei yngong fan snein 27 novimber is RegioDoc alle sneinen te sjen by de regionale omroppen. De rige iepenet mei twa priiswinnende dokumintêres : 'Maja Braderic' fan Omroep Gelderland en 'Van Oever tot Oever' fan Omroep Zeeland.

RegioDoc wurdt 13 wiken lang útstjoerd troch Omrop Fryslân, TV Noord, TV Drenthe, TV Oost, TV Gelderland, L1, Omroep Brabant, TV Rijnmond, TV West, TV Noord-Holland, Omroep Flevoland, TV Utrecht. Omroep Zeeland sil in seleksje fan de dokumintêres útstjoere.

Onvermoeibaar Fries

Ut de Volkskrant fan 20 oktober 2005 troch Karin Sitalsing, Oranjewâld.

Steeds vaker voeden ouders hun kinderen op in het Nederlands in plaats van het Fries. Slechte zaak. Tweetaligheid is een verrijking, geen beletsel voor de ontwikkeling van het kind.

Is Fries op school belangrijk ? Welnee, vindt 18 procent van de ouders van Friese basisscholenkinderen. Dat is een slechte zaak vinden de provincie en het Centrum voor educatieve dienstverlening Cedin. De instanties hebben daarom een cabaretduo de opdracht gegeven de komende maanden door de provincie te trekken en op zeventien plekken ouders te overtuigen van de voordelen van tweetaligheid.

Op de conferentie 'Mear talen, mear lakomst' - meer talen, meer toekomst - in Oranjewoud konden de aanwezigen woensdag al een idee krijgen. De actrices Lianne Zandslra en Nynke Heech voerden mini-sketches op. Dan weer zijn ze een beppe, oma, en haar beppesizzer, kleinkind, die elkaars woorden niet meer begrijpen. Een andere keer zijn ze twee vriendinnen die discussiëren over de opvoeding van de kinderen. Beiden zijn Friestalig, maar de ene voedt de kinderen op in het Fries, de andere in het Nederlands, want 'dan hebben ze een voorsprong en zullen ze het later verder schoppen. 'Ondertussen laat de moeder het ene na het andere frisisme vallen. De uitspraken werken op de lachspieren bij het publiek, maar hebben een serieuze ondertoon.

Veel Friestalige ouders kiezen voor een Nederlandstalige opvoeding, terwijl ze onderling Fries blijven praten. De kinderen raken hierdoor in de war en leren beide talen uiteindelijk niet goed spreken.

Ook veel gemengde stellen kiezen voor Nederlands. Jammer, vinden en het Cedin en de provincie. Volgens de organisaties zouden ouders juist gebruik moeten maken van hun tweetaligheid. 'Als je consequent bent, kun je kinderen heel gemakkelijk tweetalig opvoeden', zegt gedeputeerde Mulder. Op de conferentie werd ook de nieuwe taalmethode gepresenteerd voor basisscholen. Studio F heet de methode, die de oudere Taalrotonde gaat vervangen. Met Studio F kunnen alle lessen op vier niveaus gevolgd worden, variërend van alleen verstaan tot verstaan, spreken, lezen en schrijven. De lesboeken worden gekoppeld aan multimedia en aan programma's van Omrop Fryslan. De methode behandelt meerdere thema's per schooljaar die dicht bij de kinderen staan: sport, natuur, feest.

De methode ziet er kleurig en flashy uit. Op het computerscherm moeten plaatjes bij elkaar worden gezocht als een soort virtuele Mini-Loco. Het publiek reageert enthousiast en ook het televisieprogramma oogst lof. Het is clownesk en doet een beetje denken aan Roos en haar mannen van Villa Achterwerk.

Volgens Bangma is het hoog tijd om af te rekenen met het minderwaardigheidscomplex dat veel Friezen hebben over hun taal. Sinds er vorig jaar een onderwijs-inspecteur werd aangesteld om specifiek toe te zien op het Fries, zijn de scholen er iets meer mee bezig, merkt hij.

Nijsbrieven

Toch geeft nog zes procent van de basisscholen geen Friese les, terwijl dal sinds 25 jaar wel verplicht is, 'Tweetaligheid is een verrijking, geen belemmering', aldus Bangma. 'Maar de ouders moeten de taal zelf belangrijk vinden. Daar begint alles.'

Friezen helpen Drenten met taal

Ut it Dagblad van het Noorden fan 12 novimber 2005”

De Fryske Akademy heeft voor Stichting Drentse Taol onderzoek gedaan naar de plaats die de streektaal momenteel inneemt binnen het onderwijs. Een van onze beleidsterreinen is onderwijs, legt Jan Germs van Drentse Taol uit, “maar omdat wij geen wetenschappers binnen de deur hebben, doen we een beroep op de Friezen.”

Het onderzoek is klaar en wordt vrijdag 25 november gepresenteerd in het Hunebedcentrum in Borger. Daar wordt die dag een minisymposium gehouden over het onderwerp, met Lukas Koops als dagvoorzitter. ...

Nijsbriev



Ferslach kommisje fergrizing

It Selskip 1844 hat in ferslach útbrocht fan de Kommissje Fergrizing. Hâns Weijer, de Bounsskriuwer, Jelle Veenstra en Henk Kuipers makken diel út fan dy kommisje. Under oaren binne de resultaten fan in eardere Bounsstúdzjedei ynbrocht. It ferslach fan de kommisje is al tastjoerd nei de krite fan it Selskip. It is fest ek in ûnderwerp dat de Boun mei har krite oansprekke sil. It hiele ferslach jouwe wy hjir wer fanwegen it wichtige karakter. Sawol it diel fan de Bounsstúdzjedei as de erfaringen fan de krite Hearrenfean wurde hjir werjûn.

DOEL STUDZJEDEI BOUN

De oanlieding foar de stúdzjedei is de konstataarring, dat oer it algemien de ledetallen fan de Krite stadichoan efterút rinne. Troch it útwikseljen fan erfaringen en ideeën kinne wy neigean, wat wy dêr oan dwaan moatte.

Trije punten dy't oan 'e oarder komme moatte:

1. Wêrom wurde minsken lid;
2. Wêrom, hoe binne en bliuwe se lid;
3. Wêrom betankje se.

Saken dy't in rol spylje kinne, binne bygelyks:

- Wat biede de Krite (kwaliteit, gesellichheid, fariaasje)?
- Hoe fiele de minsken har belútsen by Fryslân en it Frysk?
- Wat kostet it?
- Hoe is de hâlding fan de "oare helte"?

ALDENS

Wêr alle Krite mei sitte, is it lytse tal jongere leden (ûnder de 40 jier).

It die bliken, dat it jongfolk faak oare ynteresses of soargen hat. It wurk, de bern, ensfh. As dit wat minder wurdt, komt de tiid om harren te freegjen foar in Krite.

Oan de oare kant kinne toanielploegen net sûnder jongerein. Toanielploegen lûke sels faak wol jongerein oan. Fryske kursussen blike ek te helpen. Op lêzingen of op spesjale moetingen lykje yn ferhâlding wat mear jongere leden of te kommen, op toanieljûnen binne it meast de âlderen.

Nijsbrieven

BESTJOERSLEDEN

Bestjoersleden binne faak min oan te lûken. Leden foar in kommisje te krijen slagget better; dat wurk is te oersjen. As immen kommisjewurk docht, wurdt er wat fertrouder mei de Krite en it Kritewurk. De stap nei in bestjoersfunksje is dan lytser. As men de leden fan kommisjes mei ferdrach útsiket kin men der dus in soad oan ha!

LID WURDE

Net alle Kritten geane efterút yn ledetal. It docht bliken, dat der in soad oan dien wurde kin troch der aktyf efteroan te gean. Wat kin hjir by helpe?

1. Alderearst: op jins iepenst wêze!

As je Friezen tsjinkomme, praat der oer, skriuw it adres op, stjoer se Kritekrantsjes, meitsje wer in praatsje en /of skilje harren. Freegje yn it krantsje oan de leden om dit ek te dwaan. Tink ek oan minsken dy't út Fryslân wei ferhúzje (en sels oan nammen yn famylje-advertinsjes!). Je moatte der fansels wol oan tinke, dat je op in gaadlik momint komme en de minsken goed benaderje. De ien is hjir better yn as de oar en dit soe in reden wêze kinne om sommige saken oan propagandisten of kontaktpersoanen oer te litten.

2. In adresselist byhâlde fan net-leden, lyk as âld-leden en oare minsken dy't men letter of foar spesjale gelegenheden ris benaderje wol. Besûnderheden der by en tige foarsichtich mei wêze!

3. Soargje yn it tillefoanboek (ûnder "Friese vereniging") en ek yn gemeentegidsen ensafuorhinne te stean. Dit kin leden opsmite, mar ek "goodwill" by alderhande minsken, dy't eat oer Fryslân witte wolle (dat is ek in doel fan de Kritten). De hâlding fan net-Friezen nei de Kritten ta liket de lêste tiid aardich wat positiver wurden te wêzen, û.o. troch de druk fan it Ingelsk op it Nederlânsk en troch de Fryske televyzje.

4. Stjoer Kritekrantsjes nei bibliteken, ensafuorhinne. In fergeze of alteast goedkeape advertinsje yn sommige reklameblêden. Stjoer oankundigingen fan aktiviteiten nei alle kranten (ek de fergeze hûs-oan-hûs kranten). Dit kin fergeze publisiteit opleverje! As der eat besûnders is: stap persoanlik nei de krante. As je dêr in bekende ha, giet it noch helte better!

5. Advertearjen mei de aktiviteiten yn de pleatslike krante en / of op de kabelkrante. In Fryske flagge derby falt tige op. Ferjit ek net der in telefoannûmer foar ynljochtingen by te setten. Mooglik kin de advertinsje stipe wurde (sponsor): yn in hoekje stiet de namme fan de saak, dy't de advertinsje betellet.

6. Raambiljetten op it goede plak kinne ek helpe.

7. Stean op "uit-markten", keninginnemerken, ensafuorhinne. Ek hjir: in Fryske flagge oan de kream falt tige op.

8. Lit de Fryske boekebus komme. Dit jout ek wer "goodwill" en je moetsje der nije minsken.

9. Organisearje Fryske kursussen (derfoar jildt itselde).

LID BLIUWE.

It docht bliken, dat op de toanieljûnen fan de measte Kritten yn trochsnee omtrint de helte fan de leden komt (fansels net altyd deselden). Ek as leden hast nea komme, kinne se lid bliuwe. It is it aldersbelangrykste, dat se kontakten ha en dat se harren mei de Krite ferbûn fiele.

Nijsbrieven

Op alderhanne manieren wurdt besocht dit te berikken:

1. Op de jûnen persoanlik wolkom hjitte troch in lid fan it bestjoer of in ûntfangst-kommisje.
2. Spesjaal tinke om minsken dy't der foar it earst binne en harren bygelyks yn 'e kunde bringe en oan ien taffeltsje sette mei leden wêr 't se harren by thús fiele sille. Net eltsenien slút him maklik oan en as nimmen notysje fan je nimt, dan bliuwt men gau wer wei.
3. Sommige Kritten kenne kontaktpersoanen, dy't sa'n 10 oant 15 leden út har eigen wyk wat better besykje te kennen. Kontakten kinne ûnderhâlden wurde troch bygelyks de kontribúsje op te heljen, krantsjes te besoargjen, op de jûnen of thús ris in praatsje te meitsjen of te skiljen. Kontaktpersoanen moatte hert foar de minsken ha.
4. Regelingen foar it ôfheljen en meiriden kinne tige nuttich wêze.
5. De berikberheid fan sealen is tige wichtich (feilichheid en parkearrimte). In feroaring fan lokaasje blykt wol ris leden te kostjen.
6. Sommige Kritten stjoere in kaartsje op jierdagen of mei de krystdagen.
7. Sommige Kritten ha in âldereinskommisje, oaren in "krite meilibjen", om omtinken te jaan oan siken en oan persoanlike saken. Faak wurde se warskôge troch de kontaktpersoanen (as dy fine dat it net op harren eigen wei leit).
8. De foarsitter kin yn syn wolkomstwurd (sommige) persoanlike saken neame.
9. Fierder is it krantsje ôfgrysluk belangryk om de minsken by de krite te hâlden, ek guon dy't net (mear) op 'e jûnen komme! (De kritekrantsjes ferskine fan 4 oant 11 kear yn it jier.)
10. Wolkom oan nije leden yn it krantsje.
11. Yn it krantsje moat ek omtinken wêze foar persoanlike saken.
12. Mei inoar sjonge op de jûnen jout sfear en bining. It bestjoer kin briefkes mei teksten yn de seal klearlizze.
13. Oanbieden fan kofje en oranjekoeke docht it altyd goed. De wurklist moat kwaliteit ha en fariaasje fertoane: kabaret, kluchten, serieuze stikken, lêzingen, ensafuorthinne. As alles te oerflakkich of te ernstich is, jaget men minsken fuort. Men moat ek mei de âldens rekkening hâlde en benammen net omkomme yn de nostalgy.
14. Utsein de al neamde saken ha de Kritten alderhanne oare aktiviteiten, lyk as: nijjiersgearkomsten, kuier- en fytstochten, boatreiskes, bingo-, kaart-spultsje, middeis en jûnen.
15. Ferlottings en de ferkeap fan boeken en oare saken soargje ek foar gesellichheid.
16. As men in oar syn toanielploech freget, dan ha twa Kritten dêr wat oan.
17. Oer it algemien liket de hichte fan de kontribúsje (fan € 3,50 oant € 12,- de man) net folle ynfloed te hawwen. Sommige Kritten freegje op de jûnen sels ek in ynlage, oaren net. Guon hâlde de kontribúsje tige leech, om't se hoopje dêrtroch leden dy't net mear komme kinne langer te hâlden as "stiper"; oaren sjogge dêr neat yn.

LID OF WURDE

Leden kinne betankje om't se har net thús fiele. Sa as hjirfoar beskreaun is dêr in protte oan te dwaan.

De erfaring leart, dat as immen in jier of wat lid west hat, dan sil hy/sy net sa gau lid ôf wurde. De reden is dan ornaris ferhúzjen, âlderdom (problemen mei ferfier of rinnen), ferstjerren. Soms ek de (ûn)feilichheid, de kosten, of in net-Fryske partner.

Dingen, dy't men der fierder oan dwaan kin binne:

- de kontribúsje elts jier persoanlik troch in bestjoerslid of kontaktpersoan ophelje litte; dit jout in bân en it wurdt wat slimmer om te betankjen.
- as immen sûnder dúdlik oanjûne reden betanket, noch ris der hinne of skilje om der nei te fernimmen. Neigean oft der in oplossing is (bygelyks foar it ferfier).

Oant safier it stik fan it Frysk Boun om Utens.

Nijsbrieven

KRITE HEARRENFEAN EN HAR ANTWARDEN

a. Ek Krite Hearrenfean fergrizet, mar dêr kinne wy mei libje!!

Wy binne der nammentlik fan oertsjûge dat de tweintigers en tritigers foar ús net te berikken binne. Dy hawwe it noch fierstente drok mei de opfieding fan harren bern, de sport, ensafuorthinne. Sels de fjirtigers binne swier te berikken. Dat betsjut dat wy ús oandacht rjochtsje op de fyftigers, mar ek minsken âlder as fyftich binne tige wolkom. In fyf en fyftiger dy't goed op him of harsels past hat en ek in bytsje sûn bliuwt, hat de feriening, as hy/sy him/har by ús thús fielt, noch jierren in lid oan.

b. Hoe berikke wy de minsken?

Wy hawwe in goed kontakt mei de lokale parse benammen mei de Hearrenfeanster Krante (útjouwer Hoekstra yn Balk); it kontakt mei "De Koerier" (útjouwer de Fryske Parse) ferrint minder goed. Fia de Hearrenfeanster Krante slagget it ús faaks altyd om it folgjende publisearre te krijen:

1. In redaksjoneel artikel oer:

- a. ús winterprogram (oan it begjin fan it winterskoft);
- b. ús earste kabaret- of toanieljûn;
- c. ús kulturele middei of jûn;
- d. ús nijjiersgearsit;
- e. ús twadde kabaret- of toanieljûn
- f. ús kofjemoarn en
- g. ús algemiene ledegearkomste mei ferdivedaasje.

Yn al dizze redaksjonele artikeltsjes wurde de telefoannûmers fan skathâlder (lede-administraasje) en skriuwster neamd foar neiere ynformaasje oer ús Krite.

2. Sawol foar de earste as twadde kabaret- of toanieljûn sette wy in advertinsje en ferspriede wy in tal oanplakbiljetten, wêryn wy ek dúdlik sette dat net leden ek tige wolkom binne.
3. Wy freegje ús leden om ús winterprogram ek ûnder de oandacht fan harren famylje en goekunde te bringen en sa de minsken foar de Krite te ynteressearjen.
4. Wy benaderje aktyf minsken as wy sinjalen (bygelyks fan ús leden) krije, dat hja mooglik wat foar de Krite fiele.
5. As wy de kâns krije manifestearje wy ús ek op in oare wize, bygelyks by de presintaasje fan de gemeente Hearrenfean oan nije ynwenners.

c. Wat dogge wy foar ús leden:

Us sân aktiviteiten yn it winterskoft binne hjir boppe beskreaun. Wy stribje dernei om ús leden kwaliteit oan te bieden (dit jildt benammen foar de kulturele middei en de beide kabaret- of toanieljûnen). Dit sil wol in stribjen bliuwe, want der binne mominten dan hawwe jo in boppeslach, dy't net te oertreffen is. Wy harkje goed nei de winsken fan ús leden. Dy wolle nammentlik ek wolris rêstich byprate en dêrfoar jouwe wy harren alle gelegenheid by de nijjiersgearsit (mei in itentsje en ferdivedaasje), de kofjemoarn (ek mei ferdivedaasje) en sels de ledegearkomste is hjirfoar geskikt. Hjirmei besykje wy harren it, wat wy neame, "it Fryske Krite famylje gefoel", te jaan.

Ut it foargeande docht wol bliken, dat itjinge, dat de Krite Hearrenfean docht echt net sa swier is, mar it earste wat jo hjirfoar nedich hawwe, is in entûsjast bestjoer dy't harren entûsjasme ek op de leden oer bringe kin en harren der ek foar de folle hûndert persint foar yn sette wol.

As wurkgroep "Fergriizing" hoopje wy dat dizze rapportaasje in bydrage jaan kin oan de fierdere diskusje oer de fergriizing.

Fansels hoopje wy ek dat der yn it stik eleminten sitte, wêrfan de bestjoersleden fan de oansletten Krite sizze "Sa ha wy it noch net besjoen en wy sille it ek ris op dizze wize besykje".

It Hearrenfean, 29 april 2005, út namme fan de wurkgroep: Henk Kuipers.

Nijsbrieven

Jelle Yntema

Wa ken him net. De (noch mar krekt) eardere skriuwer en waarnimmend foarsitter fan de krite Bussum.

De dosint Frysk, dy't twa desennia lang Fryske kursussen jûn hat yn it Goai. No, dy wie 75 jier wurden en dan moat men sels by de Afûk mei pensjoen.

En al dy dingen byelkoar wienen foar him reden en jou in daverjend feest en wol op 11 novimber . 'De Boerderij' yn Huizen wie dan ek grôtfol mei famylje, âld-kursisten, freonen, Bouns en kritebestjoerders. De organisaasje wie yn hannen fan Hindrik en Beitske van der Meer. Hindrik wie seremoanjemaster, muzykmakker en sjonger. Dat lêste tegearre mei dochter Rinskje, dy't in stimme hat, dy't de glêzen krekt noch net brekken docht.

In prachtich feest foar Jelle, sydsulver en stipe Marianne en elkenien dy't der wie.

Fansels wienen der ferrassings foar him, minsken dy't in stikje diene sa as de Bounsskriuwer, mar dan as kollegadosint en freon. Guon holden in taspraak lyk as de Bounsfoarsitter en tal fan oaren joegen har bydrage.

De grutste ferrassing lykwols wie tink de komst fan de boargemaster fan Bussum, dy't Jelle meidielde dat it de Keninginne behaacht hie him te beneamen ta lid yn de Orde fan Oranje Nassau.

Jelle, ek op dit plak ús lokwinken mei de Keninklike ûnderskieding en noch in protte moaie jierren mei frou, bern en bernsbarn en freonen tawinske!

NB: Ik haw wat foto's makke; dy moatte noch op de webside set wurde. (HJW)

Alkmaar, it ôfskied

De frou en ik hiene dy nacht in 'bêd-en-brochje' op sa'n 400 m fan 'De Boerderij', dat wy koene rinnende hinne en werom. De oare moarns binne wy fia de Middenbeemster, dêr't wy fjouwer jier wenne hawwe, ôfset nei ús freonen yn Heerhugowaard, Johan en Corry Jongebloed, en de jûns mei ús fjouweren nei it ôfskied fan (de krite) Alkmaar.

Der wiene sa'n santich minsken. It Boun wie fertsjintwurdige troch Rennie Visser en Hâns Weijer. Fan de omlizzende krite haw ik gjin minsken fernaam.

In prachtige jûn, mei optredens fan de eardere bestjoersleden en eins foar ús net te begripen, dat in krite mei , yn maaie, noch goed 150 leden en sa'n jûn as dizze opheft is.

Hawar it is net oars.

Der wienen optredens fan âld-foarsitter Jaap Jorritsma, gitaar en sjonge tegearre mei de dochter, dy't der akkordeon by spile. Letter Jaap tegearre mei frou Tilstra it liet fan Piter Wilstra fan de 10 knoopkes (de ein waard ek hjir net helle!). Fierder in tige koartswilige ienakter fersoarge troch Uilkje Kort en Maaïke Heijnen. Ien fan de kriteleden kaam as betûft 'bakkeferteller' foar it ljocht en song noch wat lietsjes út de âlde (oarlocks)doaze.

En as hast lêste it gedicht 'De sang fan in Fries om utens' fan Jan Jelles Hof (Jan fen 'e Gaestmar) mei in taspraakje fan It Boun troch my as Bounsskriuwer.

Ik haw wat foto's makke en ik hoopje dat ik dy op de webside pleatse kin. (HJW)

Nijsbrieven



Ferslach fan de 161ste Algemiene Gearkomste fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse yn Sealensintrum 'De Mienskip' te Feanwâlden op tongersdei 7 april 2005

1. Iepenjen

Ut namme fan it bestjoer fan it Selskip hjit foarsitter Sjouke Kramer alle oanwêzigen hertlik wolkom.

Jûn binne wy op besite by de Krite Feanwâlden. Hja stelle de seal beskikber. Tige tank hjirfoar bestjoer Krite Feanwâlden.

De foarsitter ropt in wurd fan wolkom ta oan de fertsjintwurdigers fan ús Kritten.

Us gasten wurde net fergetten.

It bestjoer hat berjocht stjoerd oan de Provinsje, yn de persoan fan deputearre Mulder, it Kolleezje fan B&W Dantumadiel, oan besibbe organisaasjes, sa as: STAF, IFAT, FBoU, Tresoar, Fryske Akademy, AFUK, Jongfryske Mienskip, Stifting It Fryske Berneboek en Eftrije. Wolkom fertsjintwurdigers fan dizze organisaasjes en wolkom oan de muzyk.

Berjochten fan behindering binne ynkommen fan: Jan en Baukje Bosje, Geeske J. Frieswijk, Hendrik S. de Bruin en Yde Jonker. De gearkomste wurdt iepene mei it sjongen fan it Frysk Folksliet.

2. Besprek ferslach 27 april 2004

It ferslach wurdt troch de gearkomste goedkard en fêststeld.

Nei oanlieding fan: side 6 en 7. Petear/diskusje: Fergrizing fan ús ledebestân.

Hâns J. Weijer, skriuwer fan it Frysk Boun om Utens, stelt de fraach oft der al wat op de hispel kommen is fan it ynstellen fan in wurkgroep 'Fergrizing'.

Henk Kuipers anderet, dat hy meikoarten de persoanen, dy't harren opjûn hawwe, skilje sil om neiere ôfspraken te meitsjen. In probleem is noch in plakje te finen yn it folskreaune bûsboekje.

3. Meidielingen

- De foarsitter memorearret dat it Selskip nij libben ynblaasd is, mar dyjinge dy't de motor west hat, heart net by de bywêzigen. Spitich, oars hie de foarsitter Geeske Frieswijk de hân skodzje kinnen.
- De kritebestjoeren wurdt mei klam frege de nije wintersprogramma's sa gau mooglik nei it Selskip op te stjoeren. Dy programma's wurde troch de skriuwer fan it Selskip bondele en yn 'e hjerst kriget it DB fan de Kritten in pakket thússtjoerd.
- Der leit op ferskate tafels in moai boekwurkje. Der stiet de titel op: Ferslach fan de Ynspeksjetocht op 18 maaie 2004. Op dizze datum binne alle bestjoersleden de grêven en earetekens lâns west, dy't it Selskip yn ûnderhâld hat of wêr't it Selskip in eareteken op set hat of yn elts gefal bemuoienissen mei hân hat. Guon grêven stienen der fertutearze by en stiennen leinen om. Net om oan te sjen. Op oare rêstplakken wie it opkreeze en seach it

Nijsbrieven

gehiel der kreas út. Kritebestjoeren dy't yn it besit komme wolle fan sa'n boekwurkje kinne kontakt opnimme mei it bestjoer.

- Spitich dat Krite Feanwâlden en Krite De Lemmer gjin fertsjintwurdiging yn it bestjoer hawwe.
- Op de ien nei lêste AG (op De Lemmer) waard der in fraach steld nei it gebrûk fan Mefrou en Frou. It Selskip kaam der ek net út en hat de Fryske Academy rieplachte. Wy krigen as andert dat FROU altyd goed is. MEFROU kin ek, mar jout meastentiids wat ôfstân. It gebrûk fan MEFROU is net ferkeard. De earste kar falt op FROU.
- Op de AG op De Lemmer is it útstel oannommen om tenei ien eksimplaar fan it Nijsbrief nei de skriuwer fan de Krite te stjoeren. It Nijsbrief ferskynt trije kear yn it jier en is in gearwurking tusken it Frysk Boun om Utens en it Selskip.
- It earder injen fan de kontribúsje rint goed. Kritebestjoeren tige tank hjirfoar.
- Fan de Kommisje Fergrizing sille wy noch mear hearre.
- De Provinsjale Feestjûn moast grut opset wurde en dochs mocht der mar in pear sinten kostje. Mei 150 besikers en in kostpriis fan € 12,-- de man/frou soe it krekt kinne. Alle Krite binne oanskreaun en doe die bliken, dat der mar 30 à 35 belangstellenden wienen. It bestjoer koe doe it barren allinnich mar ôfblaze.
- De foarsitter hat in brief fan Harmen Sijstra oan Dijkstra yn Tresoar besjoen.
- It brief oer Frysktalige en dan wer Nederlânsktalige strijtnammen is úteinlik telâne kommen by de Fryske Academy. De hear K.F. Gildemacher hat andere.

4. **Besprek Jierferslach 2004 fan de skriuwer**

Ut de gearkomste komme gjin tekstuele fragen. It Jierferslach 2004 wurdt goedkard mei tank oan de skriuwer.

Nei oanlieding fan: Bertus Postma, samler fan it tydskrift Lyts Frisia en fertsjintwurdiger fan de Jongfryske Mienskip, seit, dat de MEFROUEN de oerhân hawwe yn it Jierferslach. "Wurdt dat meidertiid noch feroare?"

Laura Boon referearret nei it brief fan de Fryske Academy en hja fielt harsels goed mei de oansprektitel fan MEFROU.

5. **Finansjeel jierferslach 2004**

a. **Ferslach fan de skathâlder**

Op side 11 sprekke de sifers fan de balâns foar him. Sa ek de sifers fan de eksploitaasje-rekken op side 12. De ynlage fan de krite is minder wurden. Alle krite hawwe in tebekgong. It wurdt slimmer de saken rûn te krijen.

Der wurde fierder gjin fragen steld oer de Jierrekken 2004 en dizze wurdt troch de gearkomste fêststeld mei tank oan de skathâlder en de administrateur.

b. **Ferslach rekkenopnimmers**

Frou Tilly Loonstra-Groenhof, skathâldster fan de Krite De Lemmer, hat mei de hear Arjen de Boer, skathâlder fan de Krite Ljouwert, de boeken fan it Selskip neisjoen oan hûs fan de administrateur. Yn de gearkomste kriget Tilly Loonstra it wurd. Hja ferklearret, dat de boeken fan it Selskip yn oarder befûn binne. De skathâlder kin wer foar in jier ûnthefing ferliend wurde. De foarsitter is yn it besit fan in skriftlike ferklearing en seit tank oan de rekkenopnimmers.

c. **Beneaming nije rekkenopnimmers**

Krite Feanwâlden en krite Ljouwert moatte de nije rekkenopnimmers leverje. Foarsitter Roel Leenheer seit ta, dat hy it boadskip oerbringe sil. De foarsitter fan de Krite Ljouwert sil itselde dwaan.

6. **Begrutting 2005**

Foar jubilea kinne we wat minder jild reservearje, omdat der de earste jierren gjin jubilea binne.

Nijsbrieven

We rekkenje sa as yn in útstel oannommen is, allinnich de kroanjierren. It Foarlêsprjekt stiet mei € 1.850,-- op de begrutting. IFAT is de subsydzjeferstrekker. Oant no ta is dat gjin struktureel jild, mar wy sille prikken yn it wurk sette om it wol sa fier te krijen.

7. Foarlêsprjekt

Nei it skoft komt it Foarlêsprjekt oan bar. Laura Boon fertelt deroer en beânderet fragen út 'e seal. De foarlêswike is in barren dat in gearwurkingsferbân fan it Selskip mei de Tomke-wurkgroep is. Juster hat Laura 10.000 Tomke boekjes útteld en soarge dat dy by de kontaktpersoanen kamen. Alle materiaal is no te plak. Hûndert fyftich foarlêzers hawwe in kursus folge. As der foarlêzers wienen dy't net yn de gelegenheid west binne in kursus te folgen, dan is der altyd noch it boekwurkje: 'Tips voor voorlezers'.

Wol wienen der dit jier in tal mutaasjes, mar weifallen plakken koenen altyd wer opfold wurde. It foarlêsfenomeen giet as in rinnend fjoerke troch de doarpen en oan foarlêzers hat men gjin mank. Miskien komt it wol sa, dat der meikoarten in wachtlist oanlein wurde moat. Stoffel Haagsma, in ferneamd foarlêzer op De Gordyk, is tige te sprekken oer de Tomke-boekjes.

Pyt Faber fan de Krite Trynwâlden freget him ôf hoe't it komt dat it Foarlêzen sa'n sukses is. Ommers de measte foarlêzers hawwe deistich wurk, binne al dan net twafertsjinner en yn dizze hektyske tiid! Faber komt der earlik foar út, dat der hast gjin tiid oerbliuwt om foar te lêzen.

Laura Boon fynt it wichtich, dat de pjutten betiid yn oanrekking komme mei it Frysk. As de bern twatalich opfierd wurde, dan hawwe hja op lettere leeftyd in foarsprong om mear talen te learen.

Der binne 400 tassen mei Tomke derop besteld en ornearre foar de foarlêzers.

'Binne der ek foarlêzers yn 'e seal?' No, dy binne der wol. Tassen mei foarlêsmateriaal wurde útdield. Laura Boon seit: "No binne we der skjin trochhinne".

Dan sjongt de seal fan It Heitelân en Grouster Weagen.

8. Persoanlik Sponsorskip

Trije persoanen út it Selskip binne troch it bestjoer oansocht om ris te tinken oer persoanlik sponsorskip, te witten mefrou Ale Bakker en de hearen Sjouke Kramer en Dries Wijbenga. It fuortsterkjen fan de Fryske taal stiet fansels boppe oan yn it faandel.

Wêr kin it Selskip de boer mei op? Wat hat it Selskip ynteressearre minsken te bieden?

Fansels kinne jo net sa mar om jild freegje.

It trijemanskip hat ienriedich besluten, dat der wol mooglikheden stekke yn in persoanlik sponsorskip. De gearkomste hie der ek wol earen nei.

It bestjoer sil him fierder bûge oer de fierdere útwurking.

9. Omfreegjen

Bertus Postma, fertsjintwurdiger fan de Jongfryske Mienskip en samler yn Lyts Frisia, is it net iens mei de hjoeddeiske saken yn de Provinsjale Steaten. Hy wol kommissaris Nijpels wol kwynt, want yn septimber 1998 stie yn de profylskets dat de man meidertiid Frysk ferstean moast. Boppedat hat hy it Konvenant tekene, wat net út namme fan 'e Steaten bard is.

Ienriedich moatte wy foar it Frysk stean, neffens Postma. Op dizze manier liket it nearne nei.

Martsje van der Sluis, foarsitter fan de Krite Trynwâlden, kriget it moaie boekwurkje Ferlach fan de Ynspeksjetocht op 18 maaie 2004 ûnder eagen. Hja ropt: "Dries (Wijbenga) wêr bist do west? Hat it Selskip grêven?"

Foar de foarsitter nochris de gelegenheid de oandacht op dat boekje te festigjen.

Pyt Faber, bestjoerslid fan de Krite Trynwâlden, seit dat yn 4 jier tiid de Krite 26% fan har leden kwynt rekke is. Hy freget him ôf, oft dat by oare krite ek sa is!

Foarsitter Sjouke Kramer seit: "Eltse Krite moat sels stappen yn eigen omjouwing ûndernimme. It Selskip is bekend mei it probleem. Dêrom is de Kommisje Fergrizing ynsteld, wêr't jimme

Nijsbrieven

meikoarten mear fan hearre sille.”

Geart van der Ploeg, foarsitter fan de Krite Ljouwert, fertelt, dat hy 22 jier skathâlder west hat fan Krite Ljouwert. Elts jier keallet it ledetal ôf. No hat Krite Ljouwert noch 80 leden.

Sjouke Kramer berekkenet, dat as de tebekrin sa trochgiet, Ljouwert nei 8 jier gjin leden mear hat. Fierder bringt Geart van der Ploeg nei foaren, dat it slim is betûfte bestjoerders te finen.

10. **Sluten saaklik part**

Om tsien foar tsienen slút foarsitter Sjouke Kramer it saaklik part fan de gearkomste.

11. **Ferdivedaasje**

Henk Poelman út Drachten jout in diktee, mei in tal tûkelteammen, besteande út in 13-tal sintsjes. It middeld tal flaters is 15. Ien persoan hie mar 1 flater makke. Hy krige in presintsje. Laura Boon oerlanget út namme fan it Selskip oan Henk Poelman in boek en de tank fan it bestjoer.

12. **Sluten**

De dames fan de muzyk wurde yn 'e blommen set en tank sein foar harren moaie klanken. Om kertier foar alven slút de foarsitter de gearkomste. Hy winsket elts wolthús en goede reis.

Ljouwert, mids july 2005, Kees Kuipers, skriuwer

Winter programma Krite Drachten

22 oktober '05	Reade Raffels mei har nije programma Tuskentiden. Dûnsjen nei mei it duo de Hen3ko's.	Plak: Drachten yn: De Lawei Tiid: 20.00 oere
13 jannewaris '06	“Swart – Wyt” Bauke van der Woude & Campbell Forbes. 'Muzyk om nei te harkjen'	Plak: Drachten yn: De Lawei Tiid: 20.00 oere
18 febrewaris '06	De tsjerkûle, in mysterieuse fûgel troch Johan de Jong.	Plak: Drachten yn: de Skûle Tiid: 20.00 oere
25 maart '06	Toanieljûn. Stik wurdt leden bekend makke. Dûnsjen nei.	Plak: Drachten yn: De Lawei Tiid: 20.00 oere

Wekker wurde

Teatergroep MeM spilet it stik “Wekker wurde”. It ferhaal fan in jeugdleafde, dy't altiten op de eftergrûn spyljen bliuwt. Do bist 44, aardich gesin, troud mei Jelle, húsfrou yn tsjinst fan man en bern. Jelle ropt hieltyd mar dat hy sa lokkich is mei dy, mar hoe fertelst him datst it moai fine soest as hy him sa no en dan ek ris ûngelokkich fiele soe. Want do bist net lokkich mei him, mar sûnder him ??

Dit stik is spile op de Krite yn Hilversum. Yn de haadrol de sjongster Marijke Bekema, muzykaal bystien troch Wobke Yedema, Hilbrand Adema en Ben Sibbald. Prachtige muzyk, gefoelige en rake

Nijsbrieven

lieten en in goeie ferbinende tekst. En der rûn in reade tried troch it hiele programma en ta beslút in wize moraal. (TvdA)

Webside: www.theatergroep-mem.nl en telefoan: 0515 5756 77 of 06 50 85 16 87

Korreksjes Ynformaasjemap 2005

side 6 Alkmaar, Amersfoart,	is opheft Skriuwster A. Bakker-Kroes, Wevershilt 32, 3831 NP Leusden, till 033 494 33 34 is wer hielendal yn funksje
Arnhem,	Foars. P.K. van der Veen, tydlik wrnmd. foars. O. Posthumus ensafierder
side 7 Bussum,	Foars. fakant (trochhelje J.R.Bouma ensafierder)
side 9 Meppel,	Pongh. J. Knapen, taheakje: e-mail jknapien@ncrvnet.nl
Súdeast-Drinte,	Postadres foar allinnich kriteboekjes H. Kloosterman ensafierder
side 16 Afûk, ensafierder.	Taheakje e-mailadressen fryske side: c.noordmans@afuk.nl tematydskriften: e.bruinsma@afuk.nl oare saken: ynfo@afuk.nl

Bouns adresselist

HAADBESTJOER	skriuwer Hans J. Weijer, Witterweg 29, 9241 PE Bovensmilde, faksss 0847104924, h.jweijer@freeler.nl .
MEDIASAKEN	Hâns J. Weijer, hat foar it Boun in sit yn de Ried fan Offurdigen fan Omrop Fryslân.
OANSLETTEN KRITEN (skriuwers/sters; it e-mailadres kin fan in oar as de skriuwer wêze!)	
Alkmaar	"FRISO", 072-5620640 Uilkje Kort, Heerenweg 165, 1822 AE Alkmaar, uilkje.kort@zonnet.nl m.y.f. maaie 2005 opheft!!
Amersfoart	"UT EN THUS", 033-4943334, A. Bakker-Kroes, Wevershilt 32, 3831 NP Leusden, a.kroes@tref.nl ;
Amsterdam	"FRISO-NOARD", 020-6971882, frou P. Sikkes, Castorplein 24, 1033 GG Amsterdam, jrozenga@dds.nl ;
Apeldoarn	"FIER FAN HUS", 055-5422136, T. de Glee-Pasma, Pieter Puypeplein 2, 7334 CV Apeldoorn, s.glee@planet.nl ;
Arnhem	"DR. EELTSJE HALBERTSMA", 026-3635023, K. de Jonge-de Vries, Da Costalaan 2, 6881 MD Velp, starr342@planet.nl ;
Assen	"US MEMMETAEL", 0592-412404, R. de Poel-Hylkema, Hoofdweg 220 9421 VE Bovensmilde, k.depoel@hetnet.nl ;
Beverwyk	"US MEMMETAEL", 0251-238230, G. Klaassens, Ardennenlaan 45, 1966 RS Heemskerk, geertklaassens@planet.nl ;
Boadegraven	"FIER FAN HUS", 0172-434734, S. Bijkerk-Anema, Houtzwam 22, 2403 SW, Alphen a/d Rijn, sjoerdije.bijkerk@wanadoo.nl ;
Bussum	"IT POMPEBLED", 035-6916699, frou J. Attema, Pr. Margrietplantsoen 83, 1403 SW Bussum, jajs3@solcon.nl ;
Dimter	"JOAST HALBERTSMA", 0570-645619, W. de Haan, Havikshorst 66, 7414 HT Deventer, j.stuurman@tiscali.nl ;
Doardt	"US MEMMETAEL", 078-6161673, R. van Gulik-de Vries, Suze Groeneweg erf 261,

Nijsbrieven

	3315 XG Doardt;
Flaardingen	: "LYTS BIGJIN", 010-4746140, G. Dijkstra-v.d. Meer, Winkelhoeve 12,3137 RP Vlaardingen, g.dijkstravandermeer@planet.nl d.roorda@chello.nl en j.van.der.veen@hetnet.nl (alle trije berjochtsje!);
De Haach	"RJUCHT EN SLJUCHT", J. Karreman-van der Weij, Jan van Nassaustraat 13, 2596 BC Den Haag, 070-3246853 rjucht_sljucht@hotmail.com ; NB: Postadres tydlik: Riddersdreef 59, 2542 XR Den Haag!!
Haarlim	"GYSBERT JAPICX", 0251-236854, T.L. Rijpkema-van Malsen, Grootschermerweg 8, 1843 HE Grootschermer, 0299-671170, kritehaarlem@hotmail.com
Hilversum	"FRYSK EN FRIJ", 035-6214775 A.R. Koopmans-Nieuwland, Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum, j.koopmans@koopmansverpakkingen.com ;
Hoarn	"TROCH DE TAEI FORBOUN", 0229-234012, J. Vogel, Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker, yellowbirds@planet.nl ;
Hurderwyk	"MEI INOAR IEN", 0341-251220, M. Beijert-Bruinsma, Jasmijnweg 4, 8072 EP, Nunspeet, margjebeijert@12move.nl ;
Ynskedee	"FREONEN FRYSKKE KULTUER", 0546-866829, frou T. Walstra, Coendersborg 13, 7608 GL Almelo, hidde.walstra@tip.nl ;
Leiden	"FRYSLAN", 071-5895262, E. Atsma, Marijkestraat 3, 2351 GM Leiderdorp, e.atsma@wanadoo.nl ;
Lelystêd	"DE SEKRITE", postadres foarsitter: 0320-241491, Albert Postma, Karveel 20-03, 8231 BC Lelystêd, hapos@hetnet.nl ;
Meppel	: " WALING DYKSTRA", 0522-258300, p/a J. Knapen, Severdingepad 13, 7943 EA Meppel, phoekema@home.nl ;
Oss	"IT ULEBOERD", 0492-661417, frou D.S. van Wieren, Linde 5, 5731 NN Mierlo, uleboerd@terp.demon.nl ;
Seist	: "MEI INOAR", 0346-564285, A.S.C. Westra, Boomstede 191, 3608 AJ Maarssen, mei-inoar@planet.nl ;
Súdeast-Drinte	SUDEAST-DRINTE, 0591-314632, Hanneke van Wallinga, Oude Dordsedijk 11, 7891 PA Klazienaveen, k-henh-vw@planet.nl ;
Swol	"FRYSK SELSKIP SWOL", 0570-522329, J. Tj. Kuipers, Mandenmakershoek 5, 8131 CZ Wijhe, jtkuipers@home.nl ;
Utert	"FRYSLAN", 0347-320093, J.P. Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen, fryskekrite@jpbergmans.demon.nl ;
Wageningen	"FOAR IT EIGENE", 0318-639559, T Tigchelaar-Noordenbos, Reimersbeek 16, 6715 MC Ede, tigchelaar50@tiscali.nl ;
<p>SINTRALE BOEKE FERKEAP (SBF)</p>	
	Lieder: W. Hofman, Kerkpad 7, 7981 AW Diever, 0521-591505, whofman10@hetnet.nl ;
<p>NET-OANSLETTEN KRITEN:</p>	
Den Helder	: "GYSBERT JAPICKS", 0223-625510, L.H. Rijnja, Dollardlaan 176, 1784 BJ Den Helder;
Roan	"ROAN EN OMSTREKEN"; 050-5012363, wnd.fs. E. de Boer, Schoolstraat 16, 9301 KC Roden;
Stienwyk	"JAN FAN 'E GAESTMAR", 0521-371224, E. Lubbinge-Blauw, J. van Nassauweg 14, 8355 VA Giethoorn, p/a frou B. van Hes, De Dissel 22, 8332JH Steenwijk,

Nijsbrieven

0521-514017

EMIGRASJEBLEDDEN

de Hollandse krant	Monthly magazine for Canadians and Americans of Dutch origin, USA: P.O. Box 4274, Blaine, WA 98231-4274. Canada: 201-20408 Douglas Crescent, Langley, BC V3A 4B4 e-mail holkrant@vancouver.net
the Windmill Herald	A.A. van der Heide, P.O.Box 3006, Station LCD1, Langley, BC V3A 4R3, CANADA >> 1-800-881-0705 - ph. (604) 532-1733 - fx. (604) 532-1734 e-mail windmill@godutch.com - webside www.GoDutch.com

nov 2005/HJW